


DE  
BÄKBRÖGGE

Braderie-  
utgåve



## INHOUD

- pag. 3 Bakbrochjes  
pag. 4 Baes en frijer  
pag. 6 Agenda  
pag. 8 Kinderspul  
pag. 10 Siem Slak



Pas op de dei fan hjoed: dy fan juster is dines net mear  
en dy fan moarn is faaks net mear fan dy.

## BAK BROCHJES



Foar de rubryk "Ald en Nij" freget de redaksje foto's  
fan eardere hûzen dy fernijd as ferboud binne.



Yn 1942 as yn 1943 waarden de klokken út de toer fan ús  
tsjerke helle. Wa kin my oan de krekte datum helpe?  
T. Bruinsma-de Vries, till. 1303



Wa hat foar ús in foto fan de âlde pleats fan Foppe de  
Vries, Gr. Haersmawei 18? Fam. J. v.d. Velde,  
till. 2183.

\*\*\*\*\*



Uitslag raadsel mw. Wilkens-Kuperus in de vorige  
Bb; Een pasgetrouwd paar is overgelukkig en een pas  
verhuisd paargelukkig over.

Tefreden lykje, in skriële geunst  
Tefreden wêze, in grutte keunst  
Tefreden wurde, in grut berik  
Tefreden bliuwe, in masterstik

Waling Dijkstra



## Baes en frijer

Minke faget noch gau efkes mei in hân doek oer 't oanrjocht, nei 't se de ôfwask yn in amer set hat. In dweil der oerhinne, dan geane der ek gjin eagen oer.

Foar 't iten hat se har al forklaid, dat se kin daliks fuort. Jehannes hat de auto klearset, dat ringen rydt se de reed del. Oan 't ein stiet buorfrou Wyts, dy 't altyd meirydt nei de plattelânsfroulju. Aerdich op tiid komme se yn it smûke sealtsje fan 't kafé oan. It is dêr al knap drok. Minke en Wytske skikke oan 'e tafel en binne al gau yn drok petear.

Efter de bestjûrstafel sit neist Jelle-Kobe, dy't presidente is, in skrielfeftig frommis mei 't hier hwat slûk om 'e holle en in forwosken mantelpakje oan. It lytse kopke wurdt wei efter in greate fjouwerkante bril. Minke stompt Wyts oan, "Soe dat de sprekster wêze?" Wytske lústert: "Dat sil 't wol. Jo sjogge it er net oan dat dy "drs." foar de namme hat." Wytske hat justjes to lûd praet, in pear froulju hawwe it heard en gysgobje.

Jelle-Kobe giet stean. Se iepent de gearkomste. As se de sprekster wolkom hjit, praet se Hollânsk. As se it hat oer in "vruchtbare middag", moat Wytske laitsje: "Se is al oer de sechstich".

Om 't de sprekster op 'e tiid wer fuort moat, komt dy earst oan it wurd. Se begjint mei in pear Fryske rigels en seit dan dat hja wol Frysk prate kin, mar har yn it Hollânsk better ûtdrukt. Dat Kobe kriget in kaem.

In goed ûre praet it redenrike minske troch. Se hat it oer it wurkjen fan 'e frou yn in baen. It is noait lykas is in frou sûnder in baen net by de tiid. De froulju moatte der út. Se moatte yn 'e maetskappij stean. Se moatte har jilde litte, kraeit se.

As se útpraet is wurdt der klapt, Jelle-Kobe foarop. Minke slagte de hânnen ek efkes op elkoar. Mear út fatsoen. Wytske klapt net, dy sjocht as in tuorre. "Nuvere útfynsels", gnoarret hja. "Ik sjoch my al yn in baen en Jouke tusken melken ruftwaskje tink".

Kobe jout gelegenheit foar fragen. Der komt net folle, foaral om 't de sprekster frijhwat wetich andert. Minke freget of 't hja net lokkich wêze mei as boerinne dy 't oerdei de man helpt.

Neffens it minske mei it wol, mar it is neat wurdich. "U stompt af met een leven lang leven met een man die tegelijk uw werkgever en uw

minnaar is", sa seit se.

"Sa haw ik it noait bisjoen", tinkt Minke lûd op en it minske andert: "Daarvoor zijn u en ik hier en nu ben ik er zeker van dat u er wat van meeneemt".

Mei dat andert is elk takocht en Kobe betanket wiidweidich. "As ik jong wie, woe ik in baen hawwe" seit se.


Wytske hat al wer wille. "Se hat har eigen rommeltsje noch noait allinne birêdden kinne" seit se en de froulju om har hinne laitsje.

Jûns op bêd docht Minke Jehannes forslach fan 'e middei.

"Do bist myn baes en myn frijer en dat kin net", seit se. Jehannes hat it fel al hast oer de eagen en krûpt har justjes oan.

"Dat minske mist beide moast mar tinke" seit er, wylst er him omdraeit.

Jan de Vries  
( út it Bolwerk)



De hoanne makket mear lawaai as de hin dy 't it aai leit

## AGENDABURO:

### DATA OM ALVAST TE NOTEREN!

## 1993

- 20 aug. Grietman Waterspelen
- 15 sept. Chr. Plattelandsvrouwenbond, (C.P.B.) 9.30 uur:  
Koffiemorgen lezing met dia's G.G.D. over borstkanker
- 18 sept. Open tuin Pastorie
- 19 sept. Koffieconcert
- 28 sept. C.P.B., 19,45 uur: Rayonverg. in Geref. Kerk Opeinde  
Nel Benschop, m.m.v. zangkoortje
- 29 sept. Begin Vrijz. Herf. Vrouwenver.
- 13 okt. Vrijz. Herf. Vrouwenver.; Film over Amerika -  
dhr. W. Welling.
- 17 okt. Koffieconcert
- 20 okt. Amnesty Internatioal- Theater + Vredeskoor  
20.00 uur in het "Miensker"
- 26 okt. C.P.B., 19.30 uur:  
"Zwangere meisjes in Costa Rica" mw. R.Heerma-  
Numan.
- 27 okt. Vrijz. Herf. Vrouwenver.
- 10 nov. Vrijz. Herf. Vrouwenver.; Dia's van Kenia -  
dhr. Hoekstra
- 14 nov. Koffieconcert
- 24 nov. Vrijz. Herf. Vrouwenver.
- 26 nov. Toneeluitvoering "Op 'e Nij Begoun'", 20.00 uur in het  
"Miensker"
- 27 nov. Toneeluitvoering "Op 'e Nij Begoun", 20.00 uur in het  
"Miensker"

- 1 dec. C.P.B., 19.30 uur:  
"Humor in de trouwzaal" - mw. Slippens.
- 8 dec. Vrijz. Herf. Vrouwenver.; Nifeljen.
- 12 dec. Koffieconcert
- 21 dec. C.P.B., Kerstavond, samen met de Geref. Vrouwen-  
vereniging
- 22 dec. Vrijz. Herf. Vrouwenver.; Kerstavond

## 1994

- 5 jan. Vrijz. Herf. Vrouwenver.
- 18 jan. C.P.B., 19.30 uur: "Staten en stinzen in Friesland" - B.  
Bijlsma
- 19 jan. Vrijz. Herf. Vrouwenver.; Vogelwacht
- 2 feb. Vrijz. Herf. Vrouwenver.; Jaarvergadering
- 16 feb. Vrijz. Herf. Vrouwenver.; Voorlichtingsavond  
"Bij de tijd"
- 16 feb. C.P.B., 19.30 uur: "Mijn kinderen geloven zo anders"  
L. Bakker, Jeugd- en Jongerenpastoraat Leeuwarden
- 2 mrt. Vrijz. Herf. Vrouwenver.; Koffietafel met Bingo
- 9 mrt. Vrijz. Herf. Vrouwenver.; Naar Eernewoude: Dia's over  
Vietnam - Joke Keizer
- 15 mrt. C.P.B., 19.30 uur: "Leefbaar Friesland" - mw. A.v.d.  
Meer
- 16 mrt. Vrijz. Herf. Vrouwenver.; Koffiemorgen met stekjeruilen.  
Buitenplanten ook welkom.
- 30 mrt. Vrijz. Herf. Vrouwenver.; Eëndagsbestuur.
- 12 april C.P.B., 19.30 uur: Jaarvergadering met eëndagsbestuur.



# "KINDERSPUL 1993 HOLLYWOOD"


## maandag 30 augustus:

15.00 uur - OPENING spelweek, alle leeftijden.  
Terrein: "De Bosk", Dwarssingel.  
Meenemen: Tent(je) Beker en bord.  
Kom verkleed!!!  
Tenten opzetten / schminken en verkleeden

17.30 uur - Eten  
Optocht tot ongeveer 19.00 uur.

20.00 uur - VERRASSINGSAVOND, groep 5 t/m 8  
wie wil kan blijven slapen

\*\*\*\*\*



## Dinsdag 31 augustus:

8.00 - 9.30 uur ONTBIJT voor de slapers

13.30 - 15.30 uur ROMMELMARKT, alle leeftijden  
terrein "De Bosk", Dwarssingel (verkoop van je  
eigen spulletjes)

19.00 uur - VISWEDSTRIJD, alle leeftijden  
Bij het stoomgemaal

\*\*\*\*\*

## Woensdag 1 september:

10.00 - 12.00 uur FILM, alle leeftijden  
In de Jeugdsoos

14.00 uur DIERENTENTOONSTELLING, alle  
leeftijden  
terrein "De Bosk", Dwarssingel.

\*\*\*\*\*

## Donderdag 2 september:

10.00 uur - OEFENEN TALENTENJACHT  
voor de deelnemers in de "Skipperseal"

13.30 uur - TALENTENJACHT, alle leeftijden  
In de "Skipperseal"

\*\*\*\*\*

## Vrijdag 3 september:

14.00 - 15.30 uur - DISCO, groep 1 t/m 4     ♪     ♪  
In de Jeugdsoos     ♪

19.30 - 20.30 uur - DISCO, groep 5 t/m 8  
In de Jeugdsoos

\*\*\*\*\*

Bij eventuele vragen kunt u telefonisch contact opnemen met de  
volgende telefoonnummers: 2462 / 1903 / 2078 / 1965.

\*\*\*\*\*

De hazze en de stikelbaarch ha tagelyk nijjier



## Siem Slak


Siem Slak liep op een blad  
vlak bij het hek van de groene wei.  
Daar zag hij een lieve honingbij  
die een prachtig jurkje aan had.

“Dag bij”, zei hij heel zacht.  
“Mooi weertje, vind je niet?”  
“Ach”, zei de bij, “als je ‘t zo ziet,  
had ik dit wel verwacht”.

“De zomer is al enkele dagen.  
De zon staat stralend in de lucht”.  
Toen zei het bijtje met een zucht:  
“Ik kan de honing haast niet dragen!”.

Siem Slak zag toen pas bij de bij  
twee mandjes, daar zat honing in.  
“Kan ik ze brengen bij je koningin?”  
vroeg hij en schoof zacht in de wei.

Het bijtje keek de slak eens aan.  
Ze vond het wel een goed idee,  
maar zij reed liever dan niet mee.  
De slak kon toch alleen wel gaan?

Een half uur later schoof slakje Siem   
tussen het hoge volle groen.  
En voor het eerst ging hij iets doen:  
Een werkje voor een dag of tien.

De bijenkorf werd reuze vol.  
Het bijtje kon zo heel veel doen.  
In mandjes, van bloem naar bloem.  
En Siempje Slak had erg veel lol.

Siem Slak kwam nog meer slakken  
tegen en vroeg ze mee te doen.  
En toen... en toen... en toen...  
Zag je in de wei wel negen.

Negen slakken schoven daar,  
met volle mandjes op hun rug,  
naar de bijenkorf en dan terug.  
Zo kwamen alle bijtjes klaar.



**De Redaktie van de Bakbrogge wenst  
alle dorpsgenoten een fijne vakantie!!**

**S. v. Dijk, voorzitter**

**H. de Bruin-de Jong, secr.**

**J. v. Til, penn.m.**

**T. Bruinsma-de Vries**

**S. Idzenga**

**B. Zanstra-Elzerman**

**F. de Haan**



deze Braderie-uitgave van de

Bakbrogge werd samengesteld  
door:

S. v. Dijk

T. Bruinsma-de Vries

H. de Bruin-de Jong